



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSE GEMEENTE

Wirdum Fr e.o.

Zondag 09 mei 2010



Wolkom

Oan it begjin fan de tsjinst sjonge wy "De



maitiid is wer kommen, De winter fan ús gien Dit is de tiid fan blommen, de beammen binne grien". Dernei sjonge wy psalm 139, 1, 7 en 8.

Lêzing

1^e lêzing: Jesaja 43 1 – 7

Dan sjonge wy "Nim my, nim my sa't ik bin".

2^e lêzing: Joh. 21. 15-19

Yn dizze lêzing freget Jezus oft Simon Petrus



him leaf hat en Petrus seit dat hy Jezus mear leaf hat dan de oaren him leaf hawwe.

Dernei sjonge wy gesang 83.

Oertinking:

Petrus wie de meast aktive fan de learlingen. Hy sei "myn libben wol ik foar jo jaan". Hy hat dizze wurden net wier makke.

Jezus frege him hasto my leaf? Yn it Frysk binne twa wurden foar leaf ntl. Leafhawwe en hâlden fan. Yn it Grieks binne dat der trije. De earste is Eros dat betsjut langstme. De twadde Filea is freonskip, wy fersteane mekoar. De tredde is Agape dat betsjut belangeleas commitment oftewol leafde sûnder eigen belang. Ik hâld fan dy omdatst do bist dy'st bist. De tredde brûkt Jezus. Petrus docht in stap werom en brûkt Filea (freonskip). Jezus lit Petrus net falle, ek al is it gjin belangeleas commitment, mar freonskip. Belangeleas commitment slagget net ast fol fan dysels sitst.

It aksint ferskoot by Petrus. Hy sei earst: ik leau mear as de oaren.... mar dan komt der in kear



datst minder bist as oaren. Dat is de priis at alles om dy sels draait.

Hjoeddeis giet it om it "projekt" fan it eigen libben: eigen karriêre ensfh. Ast der net oan meidochst bist in "looser".

Aksje en it libben as in útdaging sjen is bêst, mar der is ek wat oars.

De kearn is dat fan dy hâlden wurdt, de weardichheid is der al. Dy hoechst net te fertsjinjen. Dat hinget net ôf fan dyn prestaasjes en mislukkingen.

Ast wurch en warleas bist, dan hoecht it gelok net út dysels te kommen. Bygelyks ien fûgel kin dit dwaan: datst wer moed krijst, omdat God dy moetet.

Der wurdt sowieso fan dy hâlden. It makket dy frij ast net oer dysels hoechst yn te sitten en datst dy net hoechst of te freegjen ast wol sjoen wurdst, Do kinst frij fan eangst wêze want do hoechst dy

net ôf te freegjen "tel ik wol mei". Dat makket dy ek frij fan oaren.

Meidielings

Nije âlderlingen binne Dick Wybenga, Sandor Weerstra en Simon Turkstra. Alie Kalsbeek is de nije diaken. Herbefêstige wurde Arie Dol as âlderling en Gerben Hoekstra as tsjerkrintmaster. Losmakke wurde de âlderlingen Teake Posthuma, Koosje Reitsma en Janke Riemersma en diaken Frieda Wijbrandi. De befêstiging en it losmeitsjen fynt plak op 16 maaie.



Berne is Aniek dochter fan Wilma Abma en Tjeard Willem Siccema

De blommen geane nei Geartsje van der Meer. It blomstik is makke troch Griet Tolsma. Fierder wurdt meidield dat de Himmelfeartsjinst útstjoerd wurdt op radio Fryslân om 11.00 oere deselde deis.

Kollekte

De 1^e kollekte is foar de diakonij
De 2^e kollekte is foar de tsjerke

Slotliet is gesang 477



Meiwurkers

Foargonger:	ds. Terlouw
Oargelist:	B. Abma
Koster:	Jannie Smids
Âlderling fan tsjinst:	Teake Posthuma
2 ^e âlderling	Janke Riemersma
Diakenen:	Hinke Meindersma en Wiebren Jongbloed
Kinderdienst:	Jannie Veenstra